

gefal. Letter (1901-1913) hat Hoatze Minnes Heeg hjir buorke, mar yn 1934 komt Lolke van 't Zet, út de Parregeastermar, mei de húshâlding nei dizze pleats. Undertusken wie ek de mánске terp 'oan snee' komd. De hjitting is, dat de terp, wat wol faker barde, twa kear ôfgroeven is. Der únstie dan ek in djip ferrinnende lichte, dy't om in eigen bemealing frege. Lolke van 't Zet waard opfolge troch syn soan Douwe van 't Zet, troud mei Foekje Meekma. Harren soan Lolke wennet no op 'e pleats, mar der wurdt net mear buorke, wol weide.

Skrok 4

Dizze pleats, jierren bekend om syn wite foarein, wie ienris ien fan de grutste buorkerijen fan Easterein, 73 pmt. En yn de 17e ieu, lyk as safolle oaren, yn hannen fan in relatyf lytse Fryske boppelaach. Yn de 18e ieu is it boerebesit. Fan de bekende famylje Sionstra, hjirfoar al neamd. Dat is yn de tiid, dat wy yn de tsjerkerekenboeken de namme tsjin komme fan Sjousterburen.

Dizze famylje, dat kin hast net misse, wie of rekke besibbe oan de Ypma's, dy't yn de earste helte fan de foarige ieu eigners en brûkers binne. De dochter fan Hette Ypma, Maaïke, troude mei Durk Piers Noordmans en sa ferruilet op 9 juny 1867 Durk Piers Noordmans, berne te Spannum 29 desimber 1828, syn pleats op Tritsum ûnder Tsjom mei dy fan de Skrokster pleats. Hy trout yn twadde echt mei Gerbrig Oepkes de Roos. Op 18 july 1871 wurdt yn dizze húshâlding de sa bekende theolooch Oepke Noordmans berne. Hy belibbet hjir in part fan syn bernejierrren en in jier skoallegean. Want yn maaie 1877 ferhuzet de famylje nei in pleats, in nijboude huzing, oan de Plattedyk ûnder Skearnegoutum. Noordmans wurdt opfolge troch Ikenius Harders út Kollum oant 12 maaie 1901. Dan ferhuzet dy nei Ljouwert.



Skrok 4

Op 12 maaie 1901 komt de soan fan Durk Piers, Pier Durks Noordmans út Skearnegoutum, op it spul. Troud mei Dieuwke Ates de Boer fan Nijlân. Hy buorke hjir oant yn 1930. De pleats, grut 74 1/2 pmt., wurdt op 31 jannewaris 1931 by boelguod ferkocht. Eigner wurdt sweager Harmen Klijnstra, ek te Easterein. Pier Durks Noordmans ferhuzet nei de Plattedyk ûnder Skearnegoutum en Klaas Bootsma wurdt de nije hierder. Opfolge yn 1933 troch Halbe Huitema, dy't, die letter bliken, ien jier hierjierren kriget. Der wie doe noch gjin pachtwet. Op 12 maaie 1934 komme Sjoerd Heeg út Aldegea W, troud mei Hinke Klijnstra, dochter fan de eigner, op 'e pleats. Oant hja yn 1950, lyk as destiids safolle oaren, mei de húshâlding emigrearje nei Kanada. Opfolger wurdt Pieter Hendriks de Jong, troud mei Akke Jagersma. Oant dy yn 1990 opfolge wurdt troch syn soan Henk. Undertusken komt de ruilferkaveling en Henk de Jong ferhuzet nei de Súdhoekje ûnder Wommels. De pleats wurdt in wenbuorkerij.

Skrok 11

Der wurdt ferteld, dat yn de foarkeamer fan dizze pleats destiids in ' skoarstienmantelstik' wie mei it neifolgende rymke:

*Die op Sibada-end wil wonen,
Die moet eten erwtten, bonen.
Die op Sibada-end wil bestaan,
Die moet in een linnen rokje gaan.*

Sebeare-ein, sa hjit dizze pleats yn de folksmûle al sûnt ieuwen. Dat slacht fansels ek op it feit, dat it farwetter, de Sebeare fan Easterein, hjir yn de Boalsserter/Ljouwerter trekfeart útkomt. Alear, doe't hast alle ferkear oer it wetter gyng, de diken, wegen en leanen, ûnferhurde en in grut part fan it jier net beaganber wiene, doe lei de pleats hjir net ûngaadlik. Lykwols, doe't dat yngeand feroare, doe lei dizze pleats finaal op 't fottenein, by't simmer efter soms mear as tsien hikken! (S.P.Strikwerda).



Skrok 11

De pleats wie ienris ek in belizzingsobjekt en dat is lang sa bleaun mei dêrop hierboeren. Oant de Sybrandy's eigners/brûkers fan dizze pleats waarden. Ferskillende nammen út dy famylje binne hjir bekend. Hja besibben har û.o. ek mei de famylje Van der Valk.

Yn de namme Rienk Reinder van der Valk komme wy it ferneamen tsjin fan Rienk Reinder Sybrandy.


Yn 1901 libbet Rienk Ates Sybrandy, wylst Ate Rienks Sybrandy de pleats op Skrok beuorket. Yn 1913 is dat noch sa. As brûker/eigner wurde hja yn maaie 1929 opfolge troch Sijbren Zijlstra oant dy opfolge wurdt troch soan Piet Zijlstra. Yn dy syn tiid waard hjir de earste libboksstâl te Easterein boud. Mar de famylje Piet Zijlstra ferhuzet nei de Flevopolder. De pleats wurdt in wenbuorkerij. It lân wurdt hjir 'fûgeltsjelân'. En de behearder dêrfan, **Jelle de Boer**, wurdt mei syn húshâlding de nije bewenner fan Skrok 11. (1995)

Skrok 9

It stee, dêr't dizze buorkerij stie, dêr is allinne in púnfal, op in wyld bewoachsen hiem, fan oer. De lêste fêste bewenners wienen Willem Poelsma en de frou. Mei de húshâlding. Dêrnei waard it ferkocht foar rekreaasje. Dêr makke brân in ein oan. Opboud waard it net en sa leit it stee der hjoed de dei oerwoeksen hinne. Buorke waard hjir al sûnt lang net mear. Mar iennis stie hjir de pleats Roordama, yn 1501 neamd. Letter ek wol gauris 'Schrok'. It spul wie goed 44 pmt. grut. Yn de 17e ieu wurdt it foar de helte brûkt troch de hierder fan de tsjerkepleats, hjir deunby.

Yn 1832 is Thomas Jacobs Sippens eigner/brûker. De maaies 1860 komme Jelle Thomas Sippens, troud mei Gerbrig Wopkes **de Gavere**, dan ôfkomstich fan Burchwert, op dit spul en maaies 1882 Sjouke Plantinga út Wommels. Dy giet yn 1891 nei de tsjerkepleats op Hoekens ûnder Sânlean.

Op 8 desimber 1915 is 'de hecht en goed onderhouden koemelkershuizinge' by



Skrok 9 (in púnfal)

boelguod te keap, en dêrmei ek de ein fan dit ieuwenâlde boerebedriuw. Brûker is dan Rienk Ates Sybrandy. Hy sil it spul brûkt hawwe foar de arbeider Aan H. Algra, dy't hjir wenne hat. Trije soannen út dizze húshâlding binne tige bekend wurden. Grif de bekendste soan, earst skoalmaster en letter A.R.-politikus Hindrik Algra. Jierren wie er ek haadredakteur fan it Friesch Dagblad. En skriuwer fan ferskate histoaryske boeken.

Yn syn jongfeintelibben hat er hjir ferkeard: deis arbeidzje en jûns nei de Normaalskoalle te Wommels om te learen ta ûnderwizer.

Yn de tritiger jierren fan dizze ieu wenne hjir Gerrit Waringa mei de húshâlding. Gerrit hie yn in lege keamer in foech klompemakkerij. Fral yn de winter makke er hjir in soad klompen. Aldere Eastereinders witte grif noch wol te fertellen, hoe't hja stapten op klompen fan Gerrit Waringa.

Syn frou Antje Spoelstra help yn in húshâlding dêr't 'reafonk' rúnware (1944). Guon lju warskôgen har fanwegen gefaar fan besmetting. Hja antwurde: "As ik dy sykte krije moat, dan komt er oer my, sa net, dan bliuw ik der frij fan". Hja krige de sykte al. Hja rekke swier siik en stoar, 47 jier âld. Op 't Eastereinder hóf leit hja begroeven.

Skrok 8

De pleats, dy't no oan bar komt, is mei fan it âldste besit fan de Eastereinder doarpstsjerke: sûnder mis fan de stichting ôf.

Yn 1453 komt it yn de histoarje nei foaren as der in geskil is tusken pastoar Taka (Teake), wierskynlik deselde, dy't it 'earmegoed' te Itens oan de tsjerke skonken hat, (dat wie lân, wêrfan de hieropbringt foar de doarpsearmen wie) en it Kol-



Skrok 8